

Yn it spoar fan Hieke Hornstra

In bisûnder stee wie it en is it noch.

Doe't Wikel noch yn Gaasterlân lei en fan de Fryske Marren gjin sprake wie, lit stean van Friese Meren, doe't de CHU der noch foar master opsloech en guon riedsleden de slûft mei riedsstikken pas iepenen as de gearkomst op punt stie fan begjinnen – lju dy't sizze dat froeger alles better wie moatte harren mar even koest hâlde – en der in foarstel kaam om 'landhuizen' lâns de rânren fan de bosken te 'realisieren' – hoe krije jo it yn de plasse – doe wenne op it stee fan Arjan Homma Willem Grouwstra. Hy wist alles fan hast elkenien yn Wikel, want Grouwstra wie net allinne boer, mar hy kaam ek oan de doar mei kwitânsjes fan wat al net.

Syn hiem waard koart nei de oarloch klear makke foar in doarpsfeest. Dat net allinne der waard ek toulûken hâlden. Mei Luut de Haan en Hindrik Kroontje fan Boalsert as omroppers. Acht oere begûn dat, of leaver sein justjes earder. Dan waard de mikrofoan foar de radio setten en hearden jo as taskôwer en dielnimmer it folgjende: 'Dit luisteraars waren de de nieuwsberichten van het ANP van acht uur....'As de bliksem dy mikrofoan der wei en dan sei De Haan: 'En wij schakelen nu over naar het touwtrekken in Wyckel...'Guon tochten dat it echt wie. De susters Van der Veer fan Riis by de froulju en Grutte Auke fan Parregea en syn maten by de manlju, dat wienen ús helden.

Nei Grouwstra kaam Harm Buma dêr as boer en by him ha ik it melken noch leard. Moatst ik moarns iere betiid dat hynder ophelje dat rûn it it lân dat grinze oan de pleats fan Mainze Feenstra, dy't letter ôfbrutsen is om plak te meitsjen foar de dyk Balk – De Lemmer, en setten wy útein nei de jister oan de Sleatmermar hieldal achter Jilke de Winter. Mar goed, nei ferrin fan tiid koe sels ik melke.

Letter sette Martin Postma him dêr ta wenjen. Faaks ha der tuskentiids ek noch oaren húsmanne, mar dat fan Postma dêr bin ik wis fan. Hy wie keunstskilder en struts foar in smout praatsje wolris even del op de Bargebek. Postma siet yn de BKR, de Beeldende Kunstenaars Regeling. As jo oan de easken foldiene koenen jo jild út dat fûns krije, mar jo moasten út en troch wol wat sjen litte. Op in stuit tilde it op fan 'beeldende kunstenaars', safolle dat Martin van Amerongen yn De

Groene Amsterdammer, Vrij Nederland dan wol Het Vrije Volk skreau: 'In Friesland zit achter elke graspol wel een kunstenaar'. Postma – letter ien fan de foarmannen fan de BKR – krige opdracht fan de gemeente Gaasterlân om portretten te meitsjen fan markante Gaasterlânners. Sa binne Hindrik Visser fan Unrêst en Jabik Bakker fan de Lynbaan yn oaljeferf en op linnen foar it neiteam bewarre bleaun. Skitterende stikken.

Postma die mear, hy skildere ek miniaturen fan Wikel. Wy ha as Histoarysk Wurkverbân Wikel alle war dien om dy de efterheljen, mar lauloene. As der immen is dy't der mear fan wit, jou even in gjalp nei de redaksje.

Fedde en Siepje van der Zee ha letter it stee omturne yn suver hast in lyts 'landgoed'. Elke kear as ik der lâns fyts fernuverje ik my en bewûnderje dat pronkstikje. Fedde en Siepje wienen warbere doarpslju. Pleatslik Belang en DTG ha der de fruchten fan plukt.

No is it hoveniersbedriuw fan Arjan Homma. Doe't Wikel yn de gemeente Gaasterlân-Sleat kaam te lizzen en de riedsleden gâns mear tiid bestegen oan harren demokratyske opdracht as it iepenjen fan de slûf op it lêste momint, doe't de boargemaster net mear perfoarst immen fan de CHU wêze moast en ek net mear perfoarst in baron – Baron thoe Schwarzenberg en Hohenlandsberg of Hector Livius Sixma baron van Heemstra – mar wy wol takoenen mei gewoan Pitlo, Aalberts of Hoornstra, doe is as lêste earbetoan oan dit moaie stikje Wikel hjir de aller-allerlêste beartebeam yn de grûn kaam op 9 novimber 2013, de lêste fan de 2500 beammen nei 33 jier. Dat as dat Fryske Marren/ Friese Meren nochris wat wol, no dit dan.

Willem Stegenga